

Ferslach fan de byienkomst ‘De takomst fan de Fryske skriuwerij’

Sneon 15 oktober, Folkshegeskoalle Nieuw Allardsoog, Bakkefean
Jan Ybema

As ûnderdiel fan it Skriuwerswykein fan 14 oant en mei 16 oktober oan de folkshegeskoalle Nieuw Allardsoog by Bakkefean stie sneontemoarn 15 oktober yn lodge ‘De eekhoorn’ in petear op it programma oer de takomst fan de Fryske literatuer en de finansjele mooglikheden om skriuwers te stypjen. Der wiene trije ynliders, folge troch in diskusje. It publyk fan sa’n fyftjin persoanen sterk wie justjes úttinne troch ferskate ôfmeldings fanwegen koroana en oar siikwêzen.

Esther Rodenhuis, provinsje-amtner foar literatuer

It literatuerbelied falt ûnder de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Dêr heart de Subsydzjeregeling kultuer en mienskip by, en dêr falle de subsydzjemooglikheden ûnder foar it skriuwen, oersetten, útjaan en promoatsjen fan literatuer yn it Frysk of de Fryske streektalen [sjoch foar de regeling: <https://lokaleregelgeving.overheid.nl/CVDR334690>; sjoch foar in taljochting fan de provinsje op de literatuersubsydzjes: <https://www.fryslan.frl/friese-taal>]. De folgjende bedraggen binne jierliks beskikber foar Fryske literatuer:

skriuwe	€60.000
oersette	€16.975 en €11.000 (regeling wurdt twa kear yn ‘t jier iepensetten)
útjaan	€72.600 en €65.000 (idem)
promoasje	€10.000
TOTAAL	€235.575

De regeling wurdt goed op skreaun, want it jild fan dit jier is sa goed as op. Lykwols, Deputearre Steaten hawwe in besuniging op it taal- en kultuerbudzjet oankundige fan 2025 ôf, mar hoe’t dy krekt útpakke sil foar dizze subsydzjeregeling, is noch ûnwis.

Hoefolle jild oft men krije kin foar it skriuwen fan in boek, hinget fan it type boek ôf. Skriuwers krije ornaris in beurs yn de snorje fan 5000 euro, seit Ernst Bruinsma. Dat is gâns minder as dat men by it Letterefûns krije kin, mar dêr hat men wol folle striktere kritearia. In oanfraach by de provinsjale regeling moat foldwaan oan de kritearia; der wurdt fierder net toetst op de kwaliteit. Foar sokke beskieden subsydzjes is it foar de subsydzjefoer juridysk net tastien om ek noch op kwaliteit te hifkjen. Nei ôfrin is der wol in tsjek om te sjen oft de oanfregers dien en produsearre ha wat se yn de oanfraach tasein ha. Debutanten moatte in yntinsjeferklearing fan in útjouwer ha om gading meitsje te kinnen op in skriuwerssubsydzje. Ek foar it skriuwen fan in biografy of toanielstik kin subsydzje oanfrege wurde.

Ernst oer de subsydzje foar it útjaan: elke útjouwer kin twa kear jiers foar maksimaal seis titels subsydzje oanfrege, ‘wie eerst komt, wie eerst maalt’. Om yn oanmerking te kommen, moat men ynskreaun stean as útjouwer.

Meindert Reitsma, literatuermeiwurker Tresoar

Tresoar bewarret alles oangeande de Fryske literatuer, mei as basis de kolleksje fan it FLMD (stifting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum), besteande út argiven fan tydskriften, útjouwers en skriuwers. Wat docht Tresoar oan literatuer:

- . útstallingen yn Tresoar en yn Obe, it poadium foar Fryske kultuer op it Aldehoustertsjerkhôf;
- . ûndersikers skewiele yn har literêre ûndersyk;
- . behear fan de webside Sirkwy (dy't oan fernijing ta is; de ynhâld wurdt oersetten);
 - . dokumintêre ynformaasje byhâlde (skriuwersbiografyen, boekprofilen, resinsjes, byhâlde hoefolle boeken oft ferskine yn ferskillende sjenres);
- . kontakt mei dosinten oer Frysk lêzen op skoalle;
 - . lêze foar de list: opdrachten meitsje by boeken, dit jier in ferhalebondel;
- . skriuwerskursussen;
 - . skriuwgroep foar Festival foardrachtswedstriid;
 - . kursus yn it ramt fan City of Literature, yn 'e mande mei Schrijversvakschool Grins;
 - . kursus toanielskriuwen;
 - . kursus berneproaza;
 - . kursus libbensferhalen (troch Marga Claus).

Plannen foar de takomst:

- . Der wurdt neitocht oer in nije permaninte útstalling yn Tresoar om de Fryske literatuerskiednis op in nije manier sjen te litten. It sit yn de planfaze, ideeën binne wolkom;
- . Alle bestannen fan Operaasje Fers wurde opnij digitalisearre yn de heechste kwaliteit en meikoarten wer beskikber steld;
- . Yn 2023 wurdt de Gysbert Japicx-priis takend foar proaza. Der is in nije proseduere: der komt in advyskommisje besteande út immen fan Tresoar, fan de Fryske Akademy en in tredde lid dêr't elk him/har foar oanmelde kin by de provinsje;
- . Festival Herberch Frisia, in taalkeunstfestival foar streektaal en lytse talen, plend op 23 septimber yn Waadhoeke en Súdwest-Fryslân. Der komt in delegaasje fan minsken fan lytse talen út Europa en dêrbûten. Der is in 'profesjoneel' part foar amtners, skriuwers, útjouwers en sjoernalisten, en in artystyk part mei optredens. Tresoar fersoarget it ûnderdiel edukaasje.

Opmerkings út it publyk:

- . Minsken ha in protte muoite om har paad te finen op de nije webside fan Tresoar;
- . It is skande dat digitale argiven lykas op wumkes.nl net mear beskikber binne. Mar soks hat mei de libbensdoer fan websiden te krijen; as dy net by de tiid holden wurde, reitsje se ferâldere en kinne je der op in stuit neat mear mei. Websiden moatte dus beheard wurde; sadwaande wurdt dernei stribbe om net foar elk inisjatyf wer selsstannige nije websiden op te tûgjen, want dat ferget in protte behear.

Ernst Bruinsma, projektlieder Boeken fan Fryslân

'Boeken fan Fryslân' wie earder in stifting fan alle útjouwers, mar dat is opheft nei't de provinsje sa'n fiif jier lyn de Afûk frege om de literatuerbefoarderjende taken oer te nimmen fan Tresoar. Der is jierliks omtrint 185.000 euro budzjet beskikber. Wat wurdt dêrmei dien:

- . alternative ferkeap
 - . bgl. lânboubeurs/frouljusbeurs yn it FEC en Boekekream op Jouster Merke: dit jier foar 2000 euro oan boeken ferkocht op Jouster Merke;
 - . sutelaksjes: mear as 3000 euro oan boeken ferkocht yn Holwert, 1300 euro yn Jorwert, 3500 euro yn Wergea. Dêr't it slagget om te suteljen, wurket it goed. De feriening dy't de ferkeap docht, mei 25 prosint fan de opbringst hâlde. Mar it ferieningslibben makket drege tiden troch en yn kombinaasje mei koroana is der de ôfrûne tiid minder sutele as dat wy woene;

- . BoekMoardBoek yn kafee Het Graauwe Paard yn Marsum: der komme 50-70 minsken op ôf, in moaie jûn mei foardrachten nei oanlieding fan in ferhalewedstriid, dêr't oar folk op ôf komt as it wenstige publyk. Hjir wurde ek boeken ferkocht;
- . oersetting Nederlânske boekewikegeskink: oar jier fan Lize Spit. Elske Schotanus is dwaande om it oer te setten. Tenei wurdt ek it Nederlânske berneboekewikegeskink oerset en dat slacht goed oan. Mei de berneboekewike ferkeapje wy folle mear Fryske berneboeken as oars;
- . begelieding Dichter fan Fryslân: webside fersoargje, oersettings regelje, kontakten mei media, begelieding by de eigen inisjativen fan de dichter;
- . berneboeke-ambassadeur Lida Dykstra: it wie har eigen idee en wy kinne ús net in bettere ambassadeur yntinke. Se hat hast 140 skoallen besocht yn trije jier, ynklusyf koroanatiid en dêrmei binne in ûnfoarstelber soad learlingen berikt. Se hat ek de lêskoffer yntrodusearre, dy't skoallen yn ien kear keapje kinne. Lida hat der fergees del te laden lesbrieven by makke.
- . 'Boekekast' by Omrop Fryslân: opdrachten oan skriuwers om ferhalen te skriuwen, foarlêzen troch de Omrop. Se komme yn de Omrop-podcast, mei in fraachpetear derby. Leechdromplich foar minsken dy't tsjin it lêzen oan skytskoarje.
- . gedichten Marrekrite: keppele oan de knooppunten fan kuier- en fytspaden. Op panielen komme gedichten fan Fryske skriuwers.

Nijsgjirrich nij inisjatyf: in proefprojekt by boekhannel Van der Velde yn Drachten mei in wiidweidige útstalling fan Fryske boeken. De Afûk betellet foar de romte yn 'e winkel en presintearret de boeken dêr. Van der Velde ferkeapet de boeken en elke moanne wurdt mei de Afûk ôfreckene. It kostet likernôch de winstmarzje, mar it wurket wol: sûnt desimber binne yn dizze winkel sa'n 700 Fryske boeken ferkocht, in geweldige stiging. Wy wolle dit ek yn guon oare Van der Velde-winkels dwaan.

Fierders noch oer de boekferkeap: de ferkeap fia de Afûk-webside nimt geweldich ta. Doe't de fysike winkel mei koroana sân moanne ticht wie, hat de online ferkeap ús dertroch skuord. No wurdt mear as de helte fan de boeken online ferkocht. Dan ha wy it oer de online ferkeap fan benammen fysike boeken, want Frysktalige e-books en harkboeken ferkeapje net folle. Wat de ferkeaplokaasjes oanbelanget: der binne rûnom yn 'e provinsje santjin displays mei Fryske boeken, bygelyks yn in supermerk of bakker of Primera, en dêr ferkeapje wy soms mear boeken as lit ús sizze by in Bruna-boekhannel yn Frjentsjer.

Diskusje nei ôfrin

Der is diskusje oer hoe't debutanten har wurk publisearre krije kinne. Ien fan de oanwêzigen yn de seal is sa'n debutant dy't op syk is nei by foarkar in renomearre útjouwer foar Nederlânsktalich wurk, mar oant no ta gjin foet oan 'e grûn kriget.

Lida Dijkstra: net-frege manuskripten wurde útbestege oan eksterne lêzers dy't in foarseleksje meitsje. By in grutte útjouwer as Querido giet it yn myn sjenre, de berneboeken, om wol tûzen manuskripten yn 'e wike. Yn Fryslân binne de lyntsjes koarter. Soest besykje kinne om in Frysktalige ferzje fan dyn ferhaal oan te bieden by in Fryske útjouwer.

Ernst Bruinsma: it is yndied in yllúzje om te tinken dat in útjouwer stiet te springen om it manuskript fan in debutant sûnder namme. In literêr agint, as skeakel tusken skriuwer en útjouwer, kostet jild en sa'n agint sil net mei in debutant yn see gean. It giet om konneksjes: freonen of kollega's dy't doel oer literatuer hawwe en as kroade fungearje kinne nei útjouwers ta.

Goffe Jensma: ornaris is in publikaasje fan in koart ferhaal yn in tydskrift de earste stap. Sa'n tydskrifteredaksje docht in kwaliteitshifking. As men dêr wurk publisearre kriget, is dat ek in sinjaal oan útjouwers dat de auteur wat yn 'e mars hat. De auteur kin it dan nei wat koarte ferhalen besykje

mei langer proaza.

Willem Verf: de Fryske literêre wrâld is in moaie opstap. As it dy yn dy lytsskaliger ferhâldingen slagget om kontakt te krijen mei serieuze útjouwers, is dat al in hiel belangrike earste stap. Minsken as Nyk de Vries en Tsead Bruinja hawwe bewust gebrûk makke fan de mooglikheid om earst yn Fryslân bekendheid op te bouwen en ferfolgens ek de wjukken út te slaan yn it Nederlânske taalgebiet.

Ernst kundiget oan dat der in skriuwersútwikseling mei Súd-Afrika oan sit te kommen, yn 'e mande mei Tresoar, it FLMD, City of Literature en de Súd-Afrikaanske stifting Pen Afrikaans. In Fryske skriuwer kin seis wike oan 't wurk yn in appartemint op it plattelân fan Súd-Afrika. Der komt in oanmeldingsproseduere. Reis- en ferbliuwskosten wurde fergoede. Oarsom komt der in Súd-Afrikaanske skriuwer dit út en dy kin dan optrede mei Festival Herberch Frisia.

Dêrmei rint de diskusje nei de ein.